# LETTERHOEKE

Jrg. 1 | 2005 | Nr. 2

Nieuwkomers in Fryslân 6

Arke foar Fryske skriuwers 13

Joods gebedenboek 18

TREESOAR

Omstreeks 1890 kwamen veel Italianen als schoorsteenveger naar Nederland. Sommigen stichtten bedrijven die een begrip werden in hun omgeving, zoals Delea in Leeuwarden en omstreken. Op de foto Johan Beato Delea bij de schoorsteen van de (oude) Harmonie, omstreeks 1955.

Op 10 maart 2006 gaat het project Nieuwkomers in Fryslân, van start met onder meer een tentoonstelling in Tresoar. Cultureel antropologe Maaike Vriezema vertelt op pagina 6 alvast iets over Nieuwe Friezen.

6

De Fryske skriuwer Rink van der Velde (1932-2001) hie as twadde hûs, in wenarkje yn in petgat tusken De Wylgen en De Feanhoop. As de plannen trochgeane, kinne takom jier trije Fryske skriuwers sa'n oardel moanne lang rêstich oan it wurk yn Rink syn arke.

13

De conservator van de in Tresoar ondergebrachte Fuks-bibliotheek kreeg een bijzonder mooi Joods gebedenboek in handen dat oorspronkelijk in het bezit is geweest van David ben Joseph van Gelder uit Leeuwarden.

19


4 By it twadde nûmer/ Bij het tweede nummer

6 Nieuwe Friezen?
|Maaike Vriesema

8 Het Kadasterarchief
|Lourens Oldersma

10 Indië moet vrij
|Siem van der Woude

12 Rink syn arke biedt romte oan Fryske skriuwers en dichters
|Jelle Krol

14 Durk van der Ploeg: De wrâld fan de skriuwer
|Teake Oppewal en Thys van der Veen

16 De fotocollectie van de Provincie Fryslân
|Johan Steendam

18 Joods gebedenboek terug in Leeuwarden
|Uzi Hagaï

20 Undersiker oan it wurd: Bastiaan David van der Velden

22 Oanwinsten
|Jelle Krol

24 Nije argivalia
|Jelle Krol

25 Collectie Van der Meer overgedragen
|Lourens Oldersma

26 Marten Sikkema ta oantinken
|Tineke Steenmeijer-Wielenga

28 It famylje-argyf Heerkens
|Sytse ten Hoeve

30 Friezen gezocht
|Siem van der Woude

31 Kolofon | Colofon

32 Aktiviteiten | Activiteiten

# By it twadde nûmer

Sizzen is neat, mar dwaan is in ding. Dat hat de redaksje nei it ferskinen fan it earste nûmer goed murken. Wy hiene fuortdalik yn juny mei it twadde nûmer begjinne moatten om yn 2005 trije nûmers fan *Letterhoeke* publisearre te krijen. Dat koene wy net oan en dêrom is besletten dat it yn it earste jier mei twa nûmers wol ta koe.
Der binne in soad reaksjes op it earste nûmer binnenkommen. Hast allegear posityf of oanmoedigjend fan toan. Klaas Sierksma fan Oentsjerk mailde ús dat 'letterhoeke' by har yn de famylje in negative betsjutting hie. As immen te let wie, waard der sein dat er út de letterhoeke weikaam. Wy hoopje dat dizze *Letterhoeke* yn de regel op tiid wêze sil.
Foar guon wie de redaksjonele formule net alhiel dúdlik. De redaksje stribbet dernei yn elk nûmer in bûnt ferskaat oan grutte en lytse bydragen te bringen. It ferbinende elemint is dat se allegear te krijen hawwe moatte mei Tresoar en syn kolleksje.

Yn de rûnte fan Tresoar en syn Freonen barre moaie en drôvige dingen. De redaksje fan *Letterhoeke* wol dêr omtinken oan jaan, mar wit ek dat it net mooglik is alle 'famyljenijs' troch te jaan. Lykwols, wy dogge ús bêst.
Yn de ôfrûne moannen hawwe wy ôfskie nommen fan trije meiwurkers dy't mei pensjoen giene. Bindert Hoekstra wurke de lêste jierren as behâldsmeiwurker op it restauraasje-atelier, 15 juny wie syn lêste wurkdei. Pieter Nieuwland wie jierren lang haad fan de stúdzjeseal fan it Ryksargyf. Hy hat it lêste jier wurke oan in hantlieding foar stambeamûndersyk. Piet naam op 30 juny ôfskie en syn boek, *Friezen gezocht: Gids voor stamboomonderzoek in Friesland*, waard op 17 novimber presintearre. Op 22 desimber waard ôfskie nommen fan Age de Graaf. Nei in tsjinstferbân fan goed 33 jier giet De Graaf mei de FPU. Hy wie sûnt lange jierren de betroude krêft efter de útlienbaly fan de PB.
Der wiene dit jier ek gâns minsken dy't in jubileum te fieren hiene. Op 23 septimber hiene wy in gesellige jûn yn De Koperen Tuin om te betinken dat Andrys Stienstra, Haye Bijlstra, Otto Kuipers, Henk Dorenbos, Ben Wielheesen, Ram Sewgobind en Siem van der Woude 25 jier yn tsjinst wiene by Tresoar of ien fan syn foargongers.
Op 21 july kaam der in ein oan it libben fan Jan Pieter Janzen (60), dy't fan 1991 oant 1999 in saakkundich en betrutsen lid west hat fan it bestjoer fan it FLMD, en fan 1995 ôf dêryn de funksje fan foarsitter ferfolle.
Der steane foar Tresoar grutte feroarings oan te kommen. Us direkteur Douwe de Vries hat oankundige dat er syn funksje op 1 april 2006 dellizze sil. Op freed 31 maart nimme wy ôfskie fan him. Dat betsjut dat der in opfolger komme moat. Mei de tariedingen fan in sollisitaasjeproseduere is in begjin makke. Wy hoopje yn it folgjende nûmer mear oer de stân fan saken melde te kinnen.

De redaksje
Sytse ten Hoeve
Jelle Krol
Lourens Oldersma
Tineke Steenmeijer-Wielenga
Thys van der Veen
Siem van der Woude

Reaksjes nei:
Siem van der Woude
085-7890755
siem.vanderwoude@tresoar.nl

# Bij het tweede nummer

Zeggen en doen zijn twee, oftewel Praatjes vullen geen gaatjes. Dat was de lijfspreuk van de Friese patriottenleider Coert Lambertus van Beyma en de redactie heeft na het verschijnen van het eerste nummer gemerkt hoe waar die woorden zijn. We hadden direct na de verschijning van het eerste nummer met het tweede moeten beginnen om in 2005 drie nummers van *Letterhoeke* te kunnen publiceren. Dat kon de redactie niet voor elkaar krijgen en daarom is besloten dat we in het eerste jaar met twee nummers zullen volstaan.
Er zijn veel reacties op het eerste nummer binnengekomen. Bijna allemaal positief of aanmoedigend van toon. Klaas Sierksma van Oentsjerk mailde ons dat het woord 'letterhoeke', in hun familie een negatieve betekenis had. Als iemand te laat (te let) was werd gezegd dat hij uit de letterhoeke kwam. De redactie hoopt dat onze *Letterhoeke* in het algemeen op tijd zal verschijnen.

Voor sommigen was de redactionele formule niet helemaal duidelijk. De redactie streeft ernaar om in elk nummer een mengeling van grote en kleine bijdragen te presenteren. Het verbindende element is dat ze allemaal te maken moeten hebben met Tresoar en zijn collectie.

Bij Tresoar en zijn Vrienden gebeuren leuke en droevige dingen. De redactie wil daar aandacht aan schenken maar weet dat het niet mogelijk is om alle familienieuws door te geven. Maar we doen ons best.
De afgelopen maanden hebben we afscheid genomen van twee medewerkers die met pensioen gingen. Bindert Hoekstra werkte de laatste jaren als behoudsmedewerker in het restauratieatelier. 15 juni was zijn laatste werkdag. Pieter Nieuwland was jarenlang het hoofd van de studiezaal van het Ryksargyf. Hij heeft het laatste jaar van zijn loopbaan gebruikt voor het schrijven van een onderzoeksgids voor stamboomonderzoek. Piet nam op 30 juni afscheid en zijn boek, *Friezen gezocht: Gids voor stamboomonderzoek in Friesland*, werd op 17 november gepresenteerd. Op 22 december werd afscheid genomen van Age de Graaf. Na een dienstverband van ruim 33 jaar gaat De Graaf met de FPU. Hij was sedert jaren de vertrouwde kracht achter de uitleenbalie van de PB.
Er waren in 2005 veel medewerkers die een jubileum te vieren hadden. Op 23 september was er een feestelijke bijeenkomst in De Koperen Tuin om te vieren dat Andrys Stienstra, Haye Bijlstra, Otto Kuipers, Henk Dorenbos, Ben Wielheesen, Ram Sewgobind en Siem van der Woude 25 jaar in dienst waren bij Tresoar of een van zijn voorgangers.
Op 21 juli kwam er een einde aan het leven van Jan Pieter Janzen (60). Hij was van 1991 tot 1999 een deskundig en betrokken lid van het bestuur van het FLMD. De laatste jaren vervulde hij het voorzitterschap.
Er zijn voor Tresoar grote veranderingen op til. Onze directeur Douwe de Vries heeft aangekondigd hij zijn functie op 1 april 2006 zal neerleggen. Op vrijdag 31 maart nemen we afscheid van hem. Dat betekent dat er een opvolger moet komen. Er is al een begin gemaakt met de voorbereidingen van de sollicitatieprocedure. We hopen in een volgend nummer meer over de stand van zaken te kunnen melden.

De redactie
Sytse ten Hoeve
Jelle Krol
Lourens Oldersma
Tineke Steenmeijer-Wielenga
Thys van der Veen
Siem van der Woude

Uw reacties graag naar:
Siem van der Woude
085-7890755
siem.vanderwoude@tresoar.nl

# Nieuwe Friezen?

Op 10 maart 2006 gaat het project 'Nieuwkomers in Fryslân' van start. Dit wordt een manifestatie die is gewijd aan de verschillende groepen immigranten (nieuwkomers) die zich in de loop der tijd hebben gevestigd in deze provincie.
Hoofdonderdelen zijn een tentoonstelling met een bijbehorend publieksboek, een congres (op 12 mei), een lezingencyclus en diverse educatieve activiteiten. Het vooronderzoek voor dit project wordt uitgevoerd door Maaike Vriesema en Annelies van der Goot. Maaike studeert culturele antropologie in Utrecht en Annelies is werkzaam als programmamaker bij Omrop Fryslân.

|Maaike Vriesema

## Nederlandse cultuur

Sinds enkele jaren realiseren we ons dat Nederland een immigratieland is geworden. De tolerantie van onze samenleving ten aanzien van buitenlanders bleek minder vanzelfsprekend dan we altijd hadden gedacht. Volgens een onderzoek dat in 2004 werd gepubliceerd was driekwart van de Nederlanders bang dat hun eigen cultuur verloren zou gaan. Tweederde vond dat de Nederlandse cultuur dwingend aan nieuwkomers moet worden opgelegd.
Wat die Nederlandse cultuur precies is, is minder duidelijk. Een recente reclame van het 'broodje Unox' laat zien wat wij onder de Nederlandse cultuur verstaan: Koninginnedag, tulpen, Sinterklaas.
Bij nader inzien blijkt cultuur een moeilijk af te bakenen begrip dat bovendien voortdurend aan verandering onderhevig is. Cultuur verandert met de dag en de Nederlandse cultuur is dan ook moeilijk te definiëren. Onze Koninginnedag staat in het teken van een familie die al eeuwenlang overwegend buitenlandse huwelijkspartners zoekt. Tulpen komen uit Turkije en Sinterklaas was bisschop van het Turkse Mira en komt met zwarte Piet uit Spanje.

## Friese cultuur

Ook bij de Friese cultuur kunnen de nodige kanttekeningen worden gezet. Want ook Fryslân kende veel immigratie. In de loop der eeuwen kwamen hier hannekemaaiers en lapkepoepen uit Duitsland, schoorsteenvegers en ijsverkopers uit Italië, Belgische en Hongaarse vluchtelingen, Ambonezen en Surinamers. Daar kwamen de gastarbeiders en de asielzoekers in de laatste decennia nog bij. Volgens minister Rita Verdonk zijn de Friezen de enige traditionele minderheid in Nederland. Maar wat houdt het eigenlijk precies in om Fries te zijn? Moet je daarvoor geboren zijn op Friese grond, de Friese taal spreken of allebei? Is een kind van een gastarbeider die in Fryslân is geboren en de taal spreekt minder autochtoon dan iemand wiens ouders in Fryslân zijn geboren? Is er verschil tussen Fries-zijn en je Fries voelen?

## Integratie

Cultuur is grotendeels een gevoel, namelijk het gevoel ergens bij te horen. Omdat het om een gevoel gaat, beleeft iedereen het Fries-zijn weer anders en toch ook weer een beetje hetzelfde.

Nederland en zijn cultuur zijn altijd in beweging geweest, mede door beïnvloeding van buiten.

*Pand van Clemens en August Brenninkmeijer in Sneek: de eerste C&A-vestiging in Nederland*

Wat wij als typisch Nederlands of typisch Fries beschouwen, is doordrenkt van internationale invloeden. Nederland kent al eeuwenlang een rijke immigratiegeschiedenis, waardoor het proces van beïnvloeding al tijden aan de gang is. Migratie vormt een permanente en structurele factor in de geschiedenis van iedere samenleving.
Omdat het begrip cultuur door iedereen anders geïnterpreteerd wordt en dé Nederlandse of dé Friese cultuur niet bestaat, wordt de roep om integratie ook nogal vaag. Er wordt vaak vergeten dat integratie een tweezijdig proces is. Migranten integreren als zij een geaccepteerd deel van de samenleving worden, waarbij het cruciaal is, dat zowel de migranten hun best moeten doen om er onderdeel van te worden als wel de samenleving haar best moet doen om die mensen een plaats te geven. Het doel van integreren is het scheppen van kansen en een gelijkwaardige positie voor iedereen binnen de samenleving.

Door onze migratiegeschiedenis te belichten, wordt het mogelijk de hedendaagse discussie in breder perspectief te zien. We vergeten dikwijls dat groepen die hier lang(er) geleden gekomen zijn, in het begin met negatieve reacties te maken kregen. Zo hadden de Joden in de Republiek een plaats als tweederangs burgers en over de hannekemaaiers uit Duitsland werden moppen en verhalen verteld die we nog tegenkomen in de volksverhalen van Ype Poortinga. Voor veel groepen die hier ooit naar toe kwamen geldt dat hun afstammelingen zodanig in onze samenleving zijn opgegaan dat zij al lang niet meer als allochtoon beschouwd worden.

## Tentoonstelling

Het thema van de nieuwkomers zal in de tentoonstelling worden uitgewerkt in de vorm van een twaalfde stad die in Fryslân moet worden aangelegd. De bezoeker van de tentoonstelling zal aan de hand van de verschillende beelden en ervaringen in de tentoonstelling zichzelf gaan afvragen of hij of zij in deze stad past. In de stad zijn al een paar huizen gebouwd die een beeld geven van een aantal nieuwkomers. Met behulp van fragmenten uit interviews met nieuwkomers of latere generaties van nieuwkomers en kenmerkende voorwerpen of symbolen, zal de bezoeker zich een beeld kunnen vormen van deze verschillende immigranten. Met de hoofdvraag: Hoe Fries ben ik zelf en hoe Fries is Fryslân? zal de bezoeker tot een relativerend inzicht over het thema cultuur en identiteit kunnen komen.

De tentoonstelling is te zien van 10 maart tot 1 juni 2006

*Advertentie van een Italiaanse zakenfamilie in Leeuwarden*

# Het Kadasterarchief

In het afgelopen voorjaar werd bekend dat het Kadaster zijn activiteiten in de noordelijke provincies in Groningen zal concentreren. De FNP-fractie stelde naar aanleiding van dit bericht in Provinciale Staten vragen over het lot van de Kadasterarchieven. De FNP wilde dat deze archieven voor Fryslân behouden blijven.
Ook Tresoar kreeg een aantal vragen over het lot van de Kadasterarchieven. Daarom volgt hier voor alle duidelijkheid een korte uiteenzetting over dit archief, nu en in de nabije toekomst.

|Lourens Oldersma

## Kadasterarchieven

Het Kadaster was oorspronkelijk een Rijksdienst, maar is enkele jaren geleden verzelfstandigd. Als Rijksdienst vielen de archieven van het Kadaster onder de Archiefwet. In die wet wordt onder meer geregeld dat van rijksinstellingen de archieven die ouder zijn dan twintig jaar overgedragen moeten worden aan de rijksarchiefbewaarplaats in de provincie. Voor Fryslân was dat het Ryksargyf en nu Tresoar. Ook verzelfstandigde rijksdiensten blijven de verplichtingen van de archiefwet volgen.
Nu zullen de lezers misschien evenals de FNP-Statenleden denken dat van het Kadaster nog geen archief is overgedragen. Maar dat is maar voor een deel waar. Het Kadaster heeft een archief dat begint in 1832 met nog enkele oudere stukken. In de jaren negentig zijn omvangrijke bestanden overgebracht naar de Boterhoek. In die registers kan een tamelijk volledig onderzoek naar de eigendomsgeschiedenis van een pand of perceel worden uitgevoerd. Bij Tresoar is een uitgebreide onderzoeksgids verkrijgbaar en er worden ook regelmatig onderzoekscursussen met betrekking tot archiefbestanden georganiseerd.

## Archiefwet

Een en ander neemt niet weg dat het archief nog niet volledig is overgedragen. Op grond van de Archiefwet zou het Kadaster alle archiefstukken voor 1985 moeten overdragen aan Tresoar. De reden dat dat niet volledig is gebeurd, is dat de wet ontheffing biedt als de organisatie oudere stukken nodig heeft voor de dagelijkse werkzaamheden.
Aangezien het Kadaster regelmatig verzoeken om informatie over erfdienstbaarheden krijgt, en er hiervoor veel onderzoek gedaan moet worden, heeft het Kadaster ontheffing gekregen van de overbrengingsverplichting.

## Digitalisering

Op dit moment is het Kadaster bezig met een groot digitaliseringsproject waarbij alle bestanddelen van het archief bewerkt worden. Wanneer dit project klaar is, worden de originele bestanden overgedragen aan Tresoar.
Los van dit digitaliseringsproject hebben de rijksarchieven en het Kadaster een website geopend waarop men de basisbestanden van het Kadaster uit 1832 kan bestuderen. Dat zijn de kadastrale kaarten (de minuutplans) en de bijbehorende perceelsregisters (de oorspronkelijk aanwijzende tafels). U kunt dit bekijken op www.dewoonomgeving.nl. De Friezen hoeven dus niet bang te zijn dat de originele kadastrale bescheiden buiten de provincie opgeborgen zullen worden.

# Indië moet vrij

## Harke Hibma oer syn jierren yn it Bataljon Friesland

|Siem van der Woude

Yn 1983 krige it Ryksargyf in kolleksje papieren fan it Bataljon Friesland yn bewar. It bataljon wie fuort nei de oarloch foarme troch minsken út it ferset dy't frijwillich yn it leger giene om Ynje te befrijen. Japan moast doe noch kapitulearje. De frijwilligers fan it bataljon hawwe, werom yn Fryslân, it kontakt oanhâlden. Der waarden geregeld reunys hâlden. De reunykommisje hat op in stuit it inisjatyf nommen ta it sammeljen fan dokumintaasjemateriaal lykas krantsjes, deiboeken, brieven, kaarten ensfh. Dy samling wurdt bewarre yn Tresoar.
In pear moanne ferlyn ferskynde in boek I*ndië moet vrij: Mijn bewogen jaren als oorlogsvrijwilliger in Nederlands Oost-Indië, 1945-1948.* It is skreaun en útjûn troch ien fan dy frijwilligers, Harke Hibma fan Menaam.

Hjirûnder folget in gearfetting fan it petear dat Siem van der Woude mei Harke Hibma hie oer syn ûnderfiningen yn de East.

### Befrijing

Hibma wie yn 1945 in jier as tweintich en wenne yn Seisbierrum. De earste moannen fan dat jier wie er lid fan in sabotaazjegroep fan de Ynlânske Striidkrêften en sa makke er de befrijing

*Foarkant fan de útnoeging dy't hjirby ôfprinte is (Kolleksje Bataljon Friesland)*

Uitnodiging

TOT HET BIJWONEN VAN DE

Afscheidsavond

VAN DE SOLDATENVROUWEN-VERENIGING

„Thuisfront Friese Militairen"

op Dinsdag 27 Juli 1948, in
de Harmonie te Leeuwarden

verzorgd door het gezelschap Tetman de Vries

Aanvang 19.30 uur precies
Deuren open om 19 uur

Plaatsbespreking op 27 Juli a.s.,
van 10–13 uur aan de Harmonie

tevens Bewijs van Toegang

mei. Doe't de oarloch amper oer wie, begûn er nei wurk om te sjen, mar foar't dat slagge, waard him al troch maten út it ferset frege om mei te gean nei Ynje, om de befrijing ôf te meitsjen. Hibma die mei út in fielen sawol fan plichtsbesef as langst nei aventoer. Op de eftergrûn spile ek mei dat er hope miskien oan de slach te kinnen as lânboufoarljochter yn Ynje.
Al yn juny 1945 giene de frijwilligers nei trainingskampen ticht by Easterwâlde. Jonges út it ferset moasten omfoarme wurde ta soldaten. Dat slagge neffens Hibma mar foar in part. It lei him net oan de motivaasje, mar oan de persoanen. Der wiene in soad dy't te selsstannich tochten om har samar del te jaan ûnder it kader. Ek mankearre der in soad oan de útris. De kommandanten, dy't it fak soms sels ek noch leare moasten, hiene it dreech de boel yn de stokken te hâlden.

## Nije missy

Wylst de trainingen noch mar krekt los wiene, kaam it berjocht fan de kapitulaasje fan Japan. Fuort dêrnei waard troch Soekarno de Republyk Yndonesië útroppen. Dat betsjutte net dat it 'einde oefening' wie. Troch oerste Epke Wiersma waard praat oer in nije missy. Der wie rûnom reboelje yn Ynje.

De blanke befolking dy't yn de kampen siet, waard op grutte skaal bedrige troch kriminele of republikeinske bindes. Der moast gau wer oarder komme. Ek it nije republikeinske regear waard as in stel rebellen sjoen, net as in partij om mei te praten oer in takomstige ûnôfhinklikheid.

## Politike nederlaach

Hibma koe him yndertiid goed yn dy opstelling fine. Hy wie grut wurden mei it idee dat Ynje by Nederlân hearde. Hy is earst letter ta it ynsjoch kommen dat it ekonomyske belang ek wer net al te grut wie.
Ut militêr eachpunt wei besjoen ferrûnen de saken net sa min. It wie de opstelling fan de grutte lannen dy't it ûnmooglik makke om troch te pakken. Ingelân joech oan de iene kant stipe by de opbou fan in leger yn Ynje, mar twong datselde leger yn posysjes dêr't it him amper yn hanthavenje koe. De Feriene Steaten woene oeral in ein meitsje oan it kolonialisme en begûnen de republikeinen te stypjen, doe't dy in anti-kommunistyske koerts ynsetten.
Sa waard it Nederlânske regear twongen om te ûnderhandeljen mei it republikeinske regear, in petearpartner dy't troch de measte politike partijen sjoen waard as in stel opperteurs. Yn Nederlân wiene hja eins net by steat om de realiteit ûnder eagen te sjen. Yn it leger yn Ynje noch minder. Dêr hearske it idee dat men ferret waard troch de polityk.
Hibma hie bûten de oarloch om grutte ynteresse yn de Yndyske lânbou.
Syn peloton hat noch meiwurke oan in streekferbetteringsplan om it deistich libben fan de dessabefolking wer op gong te bringen. Troch misbegryp en te min meiwurking is dêr spitigernôch net it measte fan op 'e hispel kommen.

## It boek gie ticht

Krekt as de measten fan syn kollega's hat Hibma nei dy tiid net in protte mear oer Ynje praat. It boek gie ticht. Op it doarp fertelde er dêr amper oer en ek net oan freonen en famylje. Der wie gjin belangstelling, it wie ommers in ferlerne striid. Ek mei oare tsjinstmaten hat er net mear in soad oer de oarloch praat. Elk socht om in baan en begûn oan in nij haadstik yn syn libben. Hibma koe oan de slach by de Lânboufoarljochting. Dêr die er ûnderskaat wurk, oant er yn 1982 mei de VUT gie.
Earst nei syn tachtichste is er der ta kommen om syn ferhaal foar de bern en de pakesizzers op papier te setten. De Yndyske jierren lizze him net swier op it liif. Doe't yn de media berjochten ferskynden oer misdieden begien troch it Nederlânske leger, hat dat him net echt skokt. Hy hat dêr sels net it measte fan meimakke, al wit er dat yn in oarloch altyd soksoarte dingen barre.
Foar Hibma is 3 novimber 1947 it djiptepunt fan syn Yndyske jierren. Doe kaam syn sweager Wiltsje Kroeze, dy't as frijwilliger yn it bataljon siet, om it libben mei't de auto dêr't hy en syn maten yn sieten, op in bom ried.

## Slot

Hibma hat noch twa kear wer yn Ynje west. Ien kear om de plakken fan doe wer te sjen en út nijsgjirrigens nei de foarútgong op agrarysk mêd. Wat him doe foaral opfoel, wie de grutte befolkingstichtheid en de earmoede.
In twadde kear reizge er nei Ynje yn it ramt fan in NOVIB-projekt dat stipe waard troch in wurkgroep foar ûntwikkelingsgearwurking yn Menameradiel.
Hibma is wakker op 't skik mei it grutte tal reaksjes dat er op syn boek krigen hat. Se binne net allinnich ôfkomstich fan oare Ynje-feteranen, mar ek fan dy har bern en famylje.
Hibma skriuwt fierder. Op 't heden is er gear oer de jierren foar de oarloch. Oft dat noch ta in boek liede sil, is noch net dúdlik.



# Rink syn arke biedt romte oan Fryske skriuwers en dichters

*Van der Velde (rjochts) by syn arke*

|Jelle Krol

Takom jier sil de arke dy't earder taheard hat oan de ferneamde Fryske skriuwer Rink van der Velde (1932-2001) trije kear in perioade fan likernôch seis wiken beskikber wêze foar in Fryske skriuwer of dichter dy't yn alle rêst wurkje wol. De arke leit yn in petgat oan de Drachtster Heawei tusken De Wylgen en De Feanhoop. De perioaden dêr't it om giet binne:

- tongersdei 13 april oant en mei woansdei 24 maaie 2006
- moandei 12 juny oant en mei freed 21 july 2006
- moandei 7 augustus oant en mei freed 15 septimber 2006

It doel is dat de arke brûkt wurdt as plak dêr't de skriuwers en dichters alle gelegenheid krije om oan har oeuvre te wurkjen. It is dus perfoarst net as 'simmerhúske' bedoeld. Troch ôfspraken dy't makke binne troch It Fryske Gea, de Stifting Frysk Letterkundich Museum en Mineke van der Velde-Bekkema kin de arke takom jier oan trije skriuwers/dichters in moai skoft lang in rêstich ûnderkommen biede. Ofsjoen fan de kosten foar iten, drinken, tillefoan ensfh. is it ferbliuw yn de arke fergees. De skriuwer/dichter tekenet in hierkontrakt, mar de hier wurdt betelle troch de Stifting Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum út it saneamde 'Tamminga-Piebenga-Fûns', wylst it ûnderhâld fan de arke en de fêste lêsten dêrfoar bekostige wurde troch datselde fûns en It Fryske Gea.

De skriuwers/dichters dy't belangstelling hawwe foar in ferbliuw yn de arke, kinne har skriftlik oppenearje by Meindert Bylsma, skriuwer fan de Stifting Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum, Buorren 3, 8821 LN Kimswert. Dêrby is it fan belang dat sein wurdt wat de skriuwer/dichter fan doel is om yn dy tiid te dwaan en moat dúdlik oanjûn wurde om hokker perioade oft it giet. In kommisje út it bestjoer fan de Stifting FLMD makket dêrnei de kar hokker trije skriuwers/dichters as earsten fan de arke gebrûk meitsje kinne. Tresoar helpt by de administraasje fan ien en oar.

It leit yn de bedoeling om ek yn 2007 de arke wer trije kear seis wiken beskikber te stellen. Ek dêrfoar sil wer in oprop pleatst wurde. Wa't takom jier bûten de boat falt, kriget letter faaks plak yn de arke.

(Alles kin allinnich trochgean as de gemeente Smellingerlân goedkarring jout oan dit projekt.)

# Durk van der Ploeg:

## De wrâld fan de skriuwer

*Durk van der Ploeg (foto Paul Janssen)*

|Teake Oppewal en Thys van der Veen

### Fiifensantich jier

De skriuwer Durk van der Ploeg is op 6 septimber 2005 fiifensantich wurden, in feit dat net ûngemurken foarby gien is. Op tongersdei acht septimber waard de skriuwer yn de Iepenbiere Biblioteek fan Ljouwert in bondel skôgingen fan hûndertsechstich siden oanbean: *Dreame fan in oare wrâld. Jierdei(út)jefte foar Durk van der Ploeg*, mei bydragen fan tolve minsken út de (Frysk) literêre en kulturele wrâld. De bondel is ûntstien op inisjatyf fan Jelma Knol fan de Friese Pers, útjouwer fan Van der Ploeg.

By it oanbieden fan *Dreame fan in oare wrâld* sei de skriuwer op de fraach oft er ek fan doel wie

nochris op in oare wize te skriuwen, dat soks net yn syn foarnimmen lei. 'Ik kin my net foarstelle dat myn wurk in oare kant út gean sil. It is no wat te let om op 'e nij te begjinnen yn in totaal oar sjenre.' Nei tweintich romans en novellen, trije ferhalebondels, in grut tal koarte ferhalen en sân poëzijbondels hat de skriuwer no in nije histoaryske roman ûnder hannen, oer de Hijumer boeresoan en astronoom Arjen Roelofs, in tiidgenoat fan Eise Eisinga.

## Produksje

Van der Ploeg is in skriuwer dy't allinne al troch syn grutte produksje in stimpel op 'e Fryske literêre wrâld set hat. Opfallend is ek dat de skriuwer him sûnt likernôch 1960 útsprekt oer alderhande kwestjes dy't yn it literêre sirkwy spylje. Fan 'It lien(ûn)rjocht', 'De BV letteren in fallite boel', it literêre klimaat yn Fryslân oant syn motiven en driuw om te skriuwen. Faaks minder bekend is syn oanpart yn it ûntwerp fan eigen en oarmans boekkaften.

## Argyf

In rike samling brieven en manuskripten, kranteknipsels, foto's, lûdsopnamen en ûntwerpen foar boeken fan Van der Ploeg berêste yn it argyf fan Tresoar. Yn de katalogus fan Tresoar fynt men al sa'n 930 treffers. Opfallend is it grut ferskaat oan persoanen en ynstituten dêr't Van der Ploeg mei briefke hat en dêr't de korrespondinsje fan bewarre is. Om inkelden te neamen: D.A. Tamminga, Dam Jaarsma, J. Laverman, Diet Huber, Freark Dam, it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum en it Fonds voor de Letteren.
In oare belangrike (oanfoljende) boarne om ûndersyk te dwaan nei it wurk fan Van der Ploeg is de *Bibliografie van de Nederlandse Taal- en Literatuurwetenschap en de Bibliografy fan de Fryske Taal- en Literatuerwittenskip* (BNTL/BFTL). It systeem befettet beskriuwingen fan boeken, artikels út tydskriften en boeken en offline elektroanysk materiaal op it gebiet fan de Nederlânske en Fryske taal- en letterkunde.

## Lêzing

Op tiisdei fyftjin novimber hat Van der Ploeg op Tresoar in lêzing hâlden oer it ûnderwerp 'De wrâld fan de skriuwer'. Hy is yn syn ferhaal yngien op de twa wrâlden dêr't in skriuwer yn libbet, de histoaryske, werklike wrâld en de sabeare, fiksjonele wrâld dy't er him foarmet. Ek is er yngien op de rol fan de skiednis by syn skriuwen.
Nei it skoft waard de skriuwer in eksimplaar fan de troch Thys van der Veen makke *Oanset ta in bibliografy fan it wurk fan Durk van der Ploeg* oanbean. Fierder wie der gelegenheid foar de oanwêzigen om Van der Ploeg te befreegjen oer de lêzing en oer oare aspekten fan syn wurk, boppedat koe der yngien wurde op de *Jierdei(út)jefte.*

## Webside

Op de webside fan Tresoar is de tekst fan in lêzing te finen dy't Van der Ploeg earder hâlde yn it ramt fan de wike fan de skiednis 2004 'De romanskriuwer en de belibbing fan de skiednis'. Yn dy lêzing wurdt it aspekt fan de skiednis yn sawat al syn romans sûnt *De Jacht* (1988; 1996) beljochte (www.tresoar.nl, rubryk Nijs-argyf, ûnderwerp 2 novimber 2004).

(*De Oanset ta in bibliografy fan it wurk fan Durk van der Ploeg* is by de baly fan Tresoar te krijen foar € 7.50).

# De fotocollectie van de Provincie Fryslân

Huis in Makkum aan de Kerkeburen 25; datering en fotograaf onbekend.

|Johan Steendam

In januari 2005 is Tresoar in het bezit gekomen van het foto-archief van de Provincie Fryslân. Deze collectie is ontstaan in 1977 toen de toenmalige afdeling Archief en Documentatie de ruim 3000 foto's van monumenten in beheer kreeg van het bureau Monumentenzorg. Het foto-archief werd veel gebruikt als bron van illustraties bij publicaties van de provincie en van derden. Door het aanstellen van een provinciale fotograaf groeide dit bestand in de loop der jaren tot een omvang van ca. 20.000 foto's. In 1996 is door bezuinigingen de functie van provinciaal fotograaf vervallen en in 2002 is het foto-archief opgeheven. Enkele jaren later werd de hele collectie overgedragen aan Tresoar.

## Inhoud

De duizenden foto's hebben een breed scala aan onderwerpen, o.a. stads- en dorpsgezichten, molens, kerken, standbeelden, natuurgebieden, sport, boerderijen. De collectie beslaat de periode van ongeveer 1950 tot 2000. Op dit moment kan nog maar een klein deel van de collectie geraadpleegd worden via de website van Tresoar. Het materiaal dient namelijk eerst te worden gescand en vervolgens beschreven, voordat tot plaatsing op de website kan worden overge-

gaan. Dit werk wordt uitgevoerd door medewerkers van Tresoar en enkele vrijwilligers.
De foto's kunnen op de website van Tresoar worden geraadpleegd in het zogenaamde Fries Foto-archief. Dat is een digitale collectie waar veel meer foto's en afbeeldingen (ruim 30.000) in zitten. Van de provinciale collectie zijn er nu meer dan 1500 geplaatst.

## Reacties van gebruikers

Voor sommige bezoekers is het een feest van herkenning als zij afbeeldingen uit het Fries Foto-archief van reeds lang afgebroken panden op hun computerscherm kunnen zien. Zo hebben we bijvoorbeeld al eens een mailtje gekregen van een echtpaar dat hun woonboerderij weer in oude staat wilde brengen, waarbij zij gebruik maakten van een foto die zij op de website van Tresoar aantroffen. Ook komen er reacties binnen van Friezen om utens, die op de site plekjes uit hun jeugd terugvinden en daarmee komen ook hun herinneringen naar boven.

## Medewerking gevraagd

Ook u kunt een actieve bijdrage leveren aan de uitbreiding van het Fries Foto-archief bijvoorbeeld door het geven van zinvol, aanvullend commentaar op de reeds geplaatste afbeeldingen. Ook is het mogelijk scans van foto's, dia's, ansichtkaarten en dergelijke te sturen met de daarbij behorende beschrijvingen. Voor de voorwaarden kan worden verwezen naar
www.tresoar.nl
vervolgens Foto's en ten slotte Fries Foto-archief.

*Hetzelfde huis gefotografeerd op 3 oktober 1984 door W. Walta*

# Joods gebedenboek terug in Leeuwarden

|Uzi Hagaï

## Gebedenboek

Na vele omzwervingen is een bijzonder Joods gebedenboek na tweehonderd jaar terug in de stad waar het zijn zwerftocht ooit begon: Leeuwarden. Tresoar heeft twee heel bijzondere collecties op het terrein van de Joodse cultuur en geschiedenis. De Fukscollectie is bijeengebracht door Dr. Leo Fuks. Hij verzamelde boeken op het gebied van de Joodse geschiedenis en cultuur en ook van het Hebreeuws en het Jiddisch. De archieven van de Joodse instellingen in Fryslân bevatten specifieke informatie over de Joodse gemeenschap in deze provincie. Het boek vormt een interessante brug tussen beide collecties.

Het fraaie boek is gedrukt in de Amsterdamse drukkerij van Johannes Levi Rofe en zijn zoon Benjamin in 1805/1806. Het omslag is vermoedelijk vervaardigd van schildpadleer en heeft een mooi zilverbeslag. Op een gelijmd perkamenten blad voorin het boek staat een opdracht in het Hebreeuws van David ben Joseph van Gelder uit Leeuwarden.

Van Gelder begint zijn opdracht met een gedicht aan zijn geliefde zwager, Menachem Mendel Loewenstamm, woonachtig in Freustadt (Pruisen), aan wie hij dit boek in 1848/1849 heeft geschonken. De opdracht is in een prachtig handschrift geschreven.

## Afkomst

Volgens de gegevens van het archief van Tresoar is Van Gelder in 1800 in Hindeloopen geboren. Op 16 november van hetzelfde jaar is hij besneden door een besnijder (mohel) van de Joodse gemeente te Harlingen. David van Gelder was de zoon van Joseph van Gelder en Sara Joel Levy de Roos. In 1828 trouwde hij met Bertha Abraham Loewenstamm geboren in 1805 te Posen, dochter van de rabbijn Abraham Loewen-



stamm en Amalia Henkes, die later naar Emden zijn gegaan. David was negotiant van effecten van beroep. David en Bertha kregen acht kinderen: Saartje (13 mei 1829), Jacob (26 april 1830), Grietje (8 december 1831), Grietje (26 januari 1834), Tobias (24 november 1835), Levy (16 september 1837), Froukje (10 augustus 1839) en Abraham (30 mei 1841). Bertha stierf in 1842. David Joseph trouwde op 6 juli 1845 met Sara Abraham Loewenstamm, een zuster van zijn eerste vrouw. Zij kregen ook nog drie kinderen: Herman (21 mei 1848), Rozette (4 oktober 1851) en Hijman (29 maart 1853).
David Joseph overleed op 6 oktober 1854.

## Onderdelen boek

Het geschonken boek bevat gebeden voor Joodse feestdagen in de Pools-Duitse (Asjkenazische) rite. Met het gebedenboek is ook een Psalmenboek meegebonden met commentaar van de grote geleerde David Kimchi (een Spaanse Jood, tevens een beroemde grammaticus, ca. 1235). Ook dit boekje is in 1805/1806 bij dezelfde drukker gedrukt. Verder zijn er in het boek te vinden: een lijst van liederen voor de Sabbat, instructies voor het gebruik van Psalmen bij bepaalde gelegenheden en gebeden voor bijzondere gevallen, zoals een moeizame bevalling.

## Tresoarbezit

Enkele maanden geleden kreeg ik het boek onverwachts in mijn bezit. Naast mijn werk als conservator van de Fuks bibliotheek in Tresoar, ben ik werkzaam als docent Hebreeuws aan de Universiteit van Leiden. Daar is sinds kort de Duitser Holger Gzella benoemd tot hoogleraar Hebreeuws-Aramees. Van een collega in Duitsland, professor Beyer uit Heidelberg, kreeg hij het gebedenboek. Die had het weer in 1967 gekregen van mevrouw Tilly Cahn uit Frankfurt (waarschijnlijk een cadeau van een klant van haar man). Niet wetende dat ik werkzaam was bij Tresoar, liet prof. Gzella het mij zien. De connectie die er is met Leeuwarden maakte dat ik er natuurlijk zeer in geïnteresseerd was.

Het pronkstuk is aan het omslag beschadigd en wordt op dit moment in Tresoar gerestaureerd. De waarde van het boek is moeilijk te bepalen, maar de omslag van schildpadleer en het zilverbeslag en de handgeschreven boodschap voorin maken het boek bijzonder.

# Fries in het rechtsverkeer

Yn dizze rige wolle wy minsken oan it wurd litte dy't in soad gebrûk meitsje fan de kolleksjes fan Tresoar. Wêr binne se mei dwaande, wat is har driuwfear, en wêr sil it ûndersyk op útdraaie?
As twadde komt Bastiaan van der Velden út Amsterdam oan it wurd. Hy promovearre dit jier op in proefskrift mei de titel *Waar gaan wij heen met het Fries?* len fan de fragen, dêr't Van der Velden in antwurd op fine woe, wie oft der yn de njoggentjinde ieu wolris Frysk praat waard yn de rjochtseal. Doe't er yn 1999 mei syn ûndersyk begûn, waard er in geregeld besiker fan sawol it Ryksargyf as de Provinsjale Biblioteek en it FLMD. Hy fertelt hjirûnder sels oer syn ûnderfiningen.

In het najaar van 1948 stonden twee melkboeren terecht voor de Heerenveense kantonrechter. Ze hadden op de melkbussen niet de verplichte Nederlandse aanduidingen 'melk' en 'karnemelk' staan, maar de Friese: 'molke' en 'sûpe' . Toen zij tijdens het verhoor de rechter kenbaar maakten, dat zij liever Fries spraken, reageerde de magistraat vol onbegrip en zei, dat hij ze dan niet zou verstaan, of zou willen verstaan. Wat de zaak zelf betreft: in het requisitoir achtte de officier van justitie de verdachten schuldig aan overtreding van de Warenwet, maar omdat feitelijk de inhoud van de bussen overeenkwam met het opschrift eiste hij geen strafoplegging. De rechter vroeg zich dan ook af waarom de zaak aanhangig was gemaakt. Hij achtte de feiten bewezen en de verdachten schuldig, maar hij legde geen straf op. De zaak van de Oldeboornster melkboeren leidde destijds tot enkele stukjes in de pers.
Deze zaak is een goed voorbeeld van de problematiek waar ik in mijn proefschrift onderzoek naar heb gedaan: de wijze waarop de Nederlandse – en de Friese – overheid de laatste twee eeuwen heeft gereageerd op pogingen in de Friese samenleving om de Friese taal te gebruiken in het juridische en bestuurlijke verkeer. Aan de kant van de overheid ontstonden er met enige regelmaat problemen als burgers Fries spraken. Men kan dan denken aan rechters, de Commissaris van de Koningin, maar ook inspecteurs van belastingen, ambtenaren van de burgerlijke stand, medewerkers van de Kamer van Koophandel en de reeds genoemde controleurs van de Warenwet.

## Onderzoek

In 1999 begon ik aan mijn onderzoek. In Leeuwarden waren er toen drie plaatsen waar veel materiaal aanwezig was dat ik kon gebruiken: de PB, het RAF en het FLMD. Een van de vragen waar ik graag een antwoord op wilde vinden was de vraag of er in de negentiende eeuw Fries werd gesproken in de rechtszaal. De verslagen die de griffier van de rechtszittingen opmaakte, geven geen uitsluitsel over deze vraag, alles werd in het Nederlands genoteerd. Op een bepaald moment kwam ik er achter dat de journalisten van de Hepkema's

*Melkboeren beschilderen enige melkbussen bij de Coöperatieve Zuivelfabriek te Aldeboarn. Vooraan Thomas Veltman en daarachter zit Jeen de Leeuw*

Courant de zittingen ook bezochten. Zij noteerden alles alsof het toneelstukjes waren. Vraag van de rechter en antwoord van de verdachte wisselen elkaar af, en de verdachten en getuigen spraken in de helft van de zaken in maart 1894 Fries.

Een voorbeeld van het gebruik van het Fries tijdens een zitting op 15 maart 1894. De getuige Sjoerd begon in het Nederlands, maar schakelde al na enkele woorden over op het Fries. Er had een vechtpartij plaats gevonden, de verdachte Atze de Haan had Teade Bosma stevig vast, waarna Sjoerd Bosma kwam toesnellen. Uit het krantenverslag in het *Nieuw Advertentieblad* (Hepkema's Courant) van 21 maart 1894:

'Pres. (tot Sjoerd.) En toen zei [Atze] zeker niet, wat bist 'n beste vrind van mij, hé? Hij wou aanpakken?
Sjoerd. Zeker mijnheer!
Ik deed toen alle moeite om de ruzie te sussen; "gjin earmoede jongens," sei ik, "hwet ha we der mei noadig? Doe liet Atze efkes los en hij seag my stief oan, mar doe pakte hij Teade hwer beet."
"Scil dat net ophâlde," sei ik. Atze bleau efkes stean, sloeg mei de earmen, "G.v.d. wei," sei hij en tagelyk sloeg hij my mei 'n scherp ding op 't skouder. "Teade, hij snyt," roap ik, "foart! foart!" en mei pakte ik mien broer by de hân en sa binne we 't hûs omdraefd; ien kaem ús efternei, ...'

## Drie instellingen

Op de dagen dat ik vanuit Amsterdam, waar ik aan de Universiteit van Amsterdam werkte, overkwam naar Leeuwarden moest ik natuurlijk zoveel mogelijk materiaal verzamelen. Zo bevonden de archiefstukken van de rechtbank Heerenveen zich in het RAF en de microfiches van de kranten lagen in de PB. Ik holde dan ook van het ene pand aan de Boterhoek naar het ernaast gelegen, om dan snel door te lopen naar de Grote Kerkstraat waar het FLMD gevestigd was. En voor elke instelling natuurlijk een andere toegangspas. Lastig werd het nog toen de drie instellingen onder een naam gingen werken; ik moest bijna tweehonderd verwijzingen naar inventarissen van het RAF en FLMD veranderen in Tresoar. Toen ook nog het archief van dr. F.S. Sixma baron van Heemstra van het IISG in Amsterdam naar Tresoar werd overgebracht, kon ik hier ook de noodzakelijke kleine veranderingen aanbrengen.

## Aldheidskeamer

En voor wie de melkbussen wil bekijken, deze staan tegenwoordig tentoongesteld in de Aldheidskeamer 'Uldrik Bottema' te Aldeboarn, Waechstege 1; jammer genoeg alleen geopend in augustus en september op zaterdagmiddag van 14.00 tot 17.00 uur en op aanvraag (*Leeuwarder Courant*, 4 september 2003). Het proefschrift van Bastiaan van der Velden *Waar gaan wij heen met het Fries?* (Wolf Legal Publishers 2005, ISBN 90-5850-084-5) is te raadplegen in Tresoar en te bestellen bij de boekhandel. Zijn e-mailadres is: bastiaanvandervelden@hotmail.com

*Portret fan Anne Douwes Tamminga makke troch Jentsje Popma*

# Oanwinsten

|Jelle Krol

## Meniste Jistertinzen

In boekje dat de measte minsken grif net ûnder eagen krigen hawwe, is de kreas útjûne bondel poëzije *Meniste Jistertinzen* dêr't de fersen fan Renske Visser-Oosterhof (Wytfean, 1915 – Jistrum, 1984) yn byinoarbrocht binne troch har bern, Piet Visser en Grietje Pol-Visser. It boekje befettet meast út it leauwen wei optekene poëtyske observaasjes. Sa't de gearstallers sizze: "rjocht út it hert yn ienfâldige, deistige taal en bylden". De titel ferwiist nei sawol de iepenheid as de beslettenens fan de jister dêr't de wrâld troch dizze frou út de Wâlden "moarnsier by 't opgean fan de sinne, yn alle stilte en fanút it leechsittend perspektyf op in skammel, mei de holle tsjin it waarme koweliif, de wrâld om har hinne troch har dichterlike bril" oanskôge waard. Bygelyks:

*De koetsebeibeam*

*As 'k moarns de syddoar iepen doch*
*By 't folle reinen dizze simmer,*
*Dan is it earste wat ik sjoch*
*De koetsebeibeam lyk as jimmer!*

*Wat stiest yn flamjend reade pracht*
*Dû beamkje fan de Wâlden!*
*Wa joech dy dos dy grutte kracht,*
*Dyn holle sa heech te hâlden?*

*[...]*

Guon fan de fersen hawwe earder yn *De Schakel* (it krantsje fan de fermanje yn Feanwâlden) en it *Fries Landbouwblad* stien. It boekje, dat yn eigen behear yn 2004 yn Zaandam útjûn is, kin yn Tresoar lêzen of trochnoaske wurde.

## Portret fan Anne Douwes Tamminga

In bysûndere skinking dy't Tresoar yn de ôfrûne tiid krige, is it portret fan de soan fan Douwe Annes Tamminga, makke troch de bekende skilder Jentsje Popma. Fia de famylje fan Sjouk Piebenga, mei wa't de dichter oant har dea yn 1988 troud wie, krige Tresoar it orizjineel fan it hjirby ôfbylde jongesportret. Anne Tamminga (Snits, 19-3-1946 – Amsterdam, 21-2-1966) wie it iennichst bern fan Douwe en Sjouk Tamminga. Nei't it by de berte by eardere befallingen dy't te lang duorren al trijeris misgien wie, kaam Anne yn 1946 nei in keizersneed op 'e wrâld. Oant 1957 wennen de Tamminga's yn Snits. Yn dy tiid sil Popma it portret fan de jonge Anne makke hawwe. Popma kin him anno 2005 lykwols neat mear yn it sin bringe fan it feit dat er Anne yn 1951 tekene, sa't it portret oanjout. Anne ferstoar

al yn 1966. Hy wie doe foarstejiers studint Nederlânsk oan de Gemeente Universiteit fan Amsterdam. As earesalút oan syn jongferstoarne soan skreau Tamminga it dichterlike monumint *In memoriam* (Drachten, Laverman, 1968).

## Gaasterlân yn oarlochstiid

De Rotterdammer Hans (Johannes Jacobus) Bos (*1929) hat oer de tiid dy't er yn de lêste oarlochsjierren yn Gaasterlân by Teakesyl trochbrocht hat syn oantinkens ophelle yn de útjefte *Een Rotterdamse lytsfeint*. Dy publikaasje, dy't yn 2003 yn eigen behear útjûn is, en dêr't wy op Tresoar ien eksimplaar fan hawwe, jout yn 290 siden de brieven wer dy't Hans Bos mei it thúsfront wiksele hat en leit fêst wat er him út it ûnthâld wei oer dy tiid krapoan sechstich jier neitiid noch bybringe koe. It lit de niget sjen fan in stedsjonge oan it boerewurk dat er dwaan moast, bygelyks it skernbûtsen en it balstienhimmeljen, mar ek oan alles dat fljocht. Benammen de fleantugen dy't er sjoen hat, hawwe syn ynteresse. Dy wurde ek allegear op printsjes werjûn. Mei't Bos as ien fan bûten dielnaam oan it deistich libben yn de oarlochstiid, komt syn fernuvering oer bygelyks it potstro-iten, de lange tsjerketsjinsten en al it wurk yn 'e ûngetiid dúdlik ta utering. It boek is foarsjoen fan eigen tekeningen nêst yllustraasjes fan oaren.

## Tielenaren yn Fryslân

Mear as yn it boek fan Hans Bos, dy't it yn de oarloch net min trof, komt de ellinde fan it flechtsjen jin yn 'e mjitte yn de yn april fan dit jier ferskynde útjefte Tiel op de vlucht: *Tielse evacués welkom in Friesland*. Yn dat boek docht Irene Nieuwenhuijse ferslach fan it ûndersyk nei it wjerfarren fan de Tielenaren dy't yn jannewaris 1945 it plak dêr't se wennen ferlitte moasten om't Tiel nei de Slach om Arnhim yn septimber 1944 yn de frontliny lei. De skriuwster hellet û.o. stikken oan dy't by Tresoar bewarre wurde om te fertellen hoe't it ferdielen fan de evakuees krekt yn Fryslân yn syn wurk gyng. Hja hat in soad argyfwurk dien en dêrnjonken ek gâns fraachpetearen mei minsken hân. De werjefte dêrfan makket dat it boek in o sa libben karakter kriget. It boek dat yn april 2005 útjûn is troch Van Eck & Oosterink kin by Tresoar liend wurde.

*Gaasterlân yn oarlochstiid tekene troch Hans Bos*

# Nije argivalia

*Frou Piet Zwart-Ratsma by de iepening fan de útstalling oer libben en wurk fan Douwe Kalma yn 1996*

|Jelle Krol

Fan de net o sa grutte kolleksjes argyfstikken dy't wy de lêste tiid krigen, kinne de folgjende neamd wurde:

## Jan Bearn Singelsma

Fan de famylje krigen wy benammen stikken dy't te krijen hawwe mei Singelsma (1914-2005) syn krewearjen foar in federaal Europa. By de argivalia sitte lykwols ek dokuminten dy't te krijen hawwe mei Rely Jorritsma yn waans bertehûs it bekende âld FNP-Steatelid oant syn dea ta wenne.

## Tsjits Jonkman-Nauta

Fan de dichteres dy't meast ûnder de namme Tsjits Peanstra skriuwt, krigen wy nijsgjirrige korrespondinsje en hânskriften fan en oangeande harsels, mar ek fan en oangeande har man, de Fryske skriuwer en oersetter Geart Jonkman (1910-1970).

## Alex Riemersma

Fan Alex M.J. Riemersma hat Tresoar stikken krigen oer de FOKA. Sa't Fedde Schurer keppele wurdt oan Kneppelfreed, sa wurde Auke van der Goot en Alex Riemersma keppele oan de FOKA, de Fryske Organisaasje foar Kulturele Autonomy, dy't yn it Bernlef-fermidden yn Grins ûntstie. De twa jongemannen waarden yn de nacht fan 24 op 25 april 1974 snipt yn Frjenstjerteradiel, doe't se wer plaknambuorden oan it 'bywurkjen' wiene. It juridysk gefjocht gyng dêrnei troch oant de Hege Ried ta. Harren maat út dy tiid dy't no de namme Adriaen Readbergen hat (doe noch Roodbergen), seit dêr op it ynternet oer : "Mei in soad publisiteit en yn oanwêzichheid fan studintefolk en echte Friezen, waarden beide feroardiele, wêrby't de rjochter allinne gewach makke fan de bekladde buorden en de ideology folslein negearre".

## Pyt Zwart-Ratsma en Wouter Zwart

Nei it ferstjerren yn 'e âldens fan 105 jier fan frou Pyt Zwart-Ratsma (1900-2005), ús âldste lid fan de Stifting Freonen, krigen wy brieven, hânskriften en dokuminten fan en oangeande har en har man, Wouter Th. Zwart (1891-1983). Nijsgjirrich is dat dêr ek it eksimplaar by is fan D. Kalma syn toanlielstik *Kening Aldgillis* (1920) dat Pyt Zwart-Ratsma fan de auteur sels krigen hat en dêr't hja by de earste opfiering yndertiid de rol fan Ydwine út spile hat. Oant op hege jierren koe frou Zwart mei ynmoed har rol fan doe, mar ek oare parten út it stik út 'e holle deklamearje.

## Geart van der Zwaag

Fan Koby van der Zwaag-Kampman, de widdo fan de Fryske dichter en skriuwer Geart van der Zwaag (1925-1989), bekend fan û.o. *It spoekskip* (1990), syn akwatrinen en syn 'Terapeutysk gedicht' dêr't yndertiid in poster fan makke waard, krigen wy benammen korrespondinsje, mar ek cd-roms mei syn gedichten op muzyk set troch syn soan Peter. De korrespondinsje giet û.o. oer de Koperative Utjowerij en de oprjochting fan Operaesje Fers. Wa't Van der Zwaag syn gedichten beharkje wol, kin dat ek dwaan fia http://www.operaesjefers.nl.

# Collectie Van der Meer overgedragen

*16 september 2005 droeg mevrouw T. van der Meer-Jansma de collectie van haar man over aan Tresoar.*

|Lourens Oldersma

'Master' D.J. van der Meer heeft decennialang onderzoek gedaan in de archieven van het voormalige Ryksargyf. Vanaf zijn eerste bezoek op 3 januari 1939 tot aan zijn overlijden in 2002 was Van der Meer een trouwe en graag geziene bezoeker van de studiezaal. Van der Meer zijn onderzoek richtte zich met name op de zathes en states en hun bewoners in Fryslân in het algemeen en de 'greidhoeke' in het bijzonder. Naast een groot aantal publicaties heeft al dat werk geresulteerd in een groot systeem met aantekeningen. Van der Meer verwerkte zijn aantekeningen in een documentatiesysteem van kaartjes en schoolschriften.

Tijdens een bijeenkomst in de Gysbert Japicx-seal heeft de familie Van der Meer op 16 september 2005 de documentatieverzameling aan Tresoar overgedragen. Het materiaal was al enige tijd bij Tresoar, waar het door een groep vrijwilligers onder leiding van Piet Nieuwland is beschreven, zodat zijn collectie binnenkort kan worden geraadpleegd door andere onderzoekers.

Voor zijn onderzoek raadpleegde en onderzocht Van der Meer het archief van het Hof van Friesland en de nedergerechtsarchieven. Binnen zijn onderzoek hadden vooral de zestiende en zeventiende eeuw zijn voorkeur. Hij doorzocht van het Hofarchief de vonnisboeken, registers van testamenten en decretale verkopingen, terwijl uit de nedergerechtsarchieven de nadruk lag op proclamatieboeken en weesboeken, bij uitstek de bronnen waarin men eigendomsovergangen van onroerende zaken aantreft. Jammergenoeg werkte Van der Meer de archivalia niet stuk voor stuk af. Hierdoor zijn zijn aantekeningen soms wat versnipperd.

Van der Meer maakte zijn aantekeningen toegankelijk via een kaartsysteem, soms is er per serie ook nog een aparte toegang door hem gemaakt.

De collectie is nu onderverdeeld in drie 'afdelingen':

1. uittreksels/aantekeningen uit archivalia, handschriften en drukwerken
2. bewerking van uittreksels en aanvullend verzameld materiaal
3. stukken, ontvangen als lid van werkgroepen of verenigingen

Gezien het versnipperde karakter van de aantekeningen wordt nog onderzocht op welke wijze de collectie beschikbaar gesteld kan worden. Zodra daar meer over bekend is zal dat via de website bekend worden gemaakt.

# Marten Sikkema ta oantinken



|Tineke Steenmeijer-Wielenga

**Govert Alettinus Gezelle Meerburg 1918 – 2005**

> *Sa rêste wy, dêr't sels gjin fûgels roppe*
> *Oer in ferglêze wrâld, en dêr't de tiid*
> *Ferglydt yn romten, like blau en wiid,*
> *(út: 'It ûnfolslein ferline' út de bondel* Seinen*)*

Dizze maitiid is Govert Meerburg, better bekend ûnder syn skriuwersnamme Marten Sikkema, rêst nei in sykte fan inkelde moannen. Hy wie yn 1918 yn Utert berne út in Fryske mem en in heit dy't fan memmekant ek Frysk wie, sadat er himsels in trijekwart-Fries neame koe. Goed Frysk praten learde er earst, doe't it yn de oarloch saak wie om as ûnderdûker op in pleats yn Lollum sa min mooglik op te fallen. Hy keas him doe ek de Fryske namme dy't letter syn pseudonym waard. Syn grut taalgefoel en it feit, dat er by syn stúdzje Nederlânsk, dêr't er yn 1938 yn syn bertestêd mei út ein set wie, as byfakken û.o. Aldfrysk, Aldnoarsk en Sweedsk folge hie, makken dat er him it Frysk sa eigen meitsje koe, dat er yn dy taal dichtsje en oersette koe as wie it syn memmetaal. Yn 1954 helle er syn doktoraal Nederlânsk yn Grins mei de byfakken sosjology en Frysk. Hy die doe al jierren wurdboekwurk by de Fryske Akademy en wie dêrby adjunkt-direkteur. Yn 1959 folge er yn Grins Jo Smit op as haad fan de Regionale Omrop Noord en Oost. Twa jier letter stapte er oer nei it ûnderwiis en waard learaar Nederlânsk yn Veendam, wat er oant syn pinsjoen ta bleaun is.

## De Reiddomplju

Marten Sikkema wie de lêste fan 'de Reiddomplju', in groep Fryske skriuwers dy't har sels yn 1951 ûnder dy namme presintearren yn it 'Wurd foarôf' by de bondel koarte ferhalen *Sawn is in galgefol*. Sjoerd Spanninga, Ypk fan der Fear en Geart Jonkman wiene de âldsten, Freark Dam en Klaes Dykstra de jongsten. Mei Anne Wadman foarme Marten Sikkema wat leeftiid oangie de middengroep en wat warberens, kreativiteit en ambysje om as literêre groep wat sjen te litten oanbelanget, hawwe hja beide – grif mei Freark Dam – de kearn útmakke. Hja koene elkoar út it Boun fen Frysk-Nasjonale Jongerein en hiene alle trije yn de oarlochsjierren bydragen skreaun foar it *Algemien Frysk Jongereinblêd*, dat oant april 1944 ta ferskine koe. Meerburg debutearre yn dat blêd yn augustus 1943 mei it fers 'Dage' dêr't er doe 'Marten Sikkema' ûnder sette liet, de namme dy't er sûnt dy tiid omtrint altyd as pseudonym brûkt hat. Wadman, Dam en Sikkema binne mei poëzy fertsjintwurdige yn *De Rattelwacht*, it yllegale literêre tydskrift dêr't Fedde Schurer it inisjatyf ta naam, neidat it *Jongereinblêd* ophâlde moatten hie. En nei de befrijing setten hja de Reiddomprige op, ynearsten allinne foar poëzy, mar letter binne der ek novelles en koarte ferhalen yn ferskynd. Sikkema syn earste bondels, *Stjerrerein* en *Swart en wyt*, ferskynden beide yn 1946 as de nûmers 2 en 6 fan de rige, wol in bewiis fan de dreau om te publisearjen dy't dizze jonge dichters yn

*De pleats fan Hinne Couperus dêr't Gezelle Meerburg yn de oarloch ûnderdûkt siet.*

har hiene. Anne Wadman hat har karakterisearre as 'de oarlochsgeneraasje', skriuwers by wa't de besettingstiid op de foar- of op de eftergrûn noch faak in rol spile, mar ek as in generaasje dy't wat tusken wâl en skip rekke is, omdat de dichters bûn wiene oan de foaroarlochske fersifikaasje en dichterlike sfear en de measten net de oansluting fine kinnen hawwe by de om 1950 hinne opkommen jongere generaasje mei har niget oan it literêr eksperimint.

## Tsjinstberens

De Reiddomplju hawwe yn koarte tiid in plakje ferovere yn de literêre kanon, mar binne ek rillegau wer út it sintrum fan de Fryskliterêre wrâld ferdwûn. Dat hie net allinne te krijen mei wat Wadman sinjalearre, mar ek mei persoanlike omstannichheden. Troch de oarloch wiene se opkeard yn stúdzje en maatskiplike karrière en dy ferlerne tiid moast ynhelle wurde. Tagelyk hawwe it ek sokke minsken as Sikkema, Wadman en Dam west, dy't har ynsetten foar de Fryske saak en in protte tiid en enerzjy joegen oan bestjoerswurk en redakteurskippen. Marten Sikkema hat sit hân yn de redaksjes fan *De Tsjerne, De Strikel* en *De Stiennen Man* en hat mei-oprjochter west fan sokke ferskillende organisaasjes as It Striidboun 'Fryslân Frij' en it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum, dat er fan it begjin yn 1959 oant 1966 as saakkundich bestjoerslid tsjinne hat. Boppedat hat er him ek tige ynset foar it ferbetterjen fan de kontakten mei Noard- en East-Fryslân.

## Oeuvre

Nei de beide earste bondels kamen yn de Reiddomprige noch *Skaedbylden* (1951) út en *Seinen* (1959). Foar de lêste, dy't njonken oarspronklike poëzy ek tige slagge oersettingen joech, krige Sikkema yn 1961 de Gysbert Japicxpriis. Fertale fûn er prachtich wurk en hy hat syn talint op dat mêd ûnder mear ynset foar it ferneamde Iepenlofttoaniel op De Sweach yn de jierren fyftich. Ut de kar fan it fertaalde wurk blykt wol, hoe breed syn literêre niget wie. Njonken *De ballade fan Reading Gaol* fan Oscar Wilde út it Ingelsk steane *Murk* en *Minne* nei de ferneamde *Max* und *Moritz* fan Wilhelm Busch út it Dútsk; njonken *De jaden fluit* út it Sineesk (fia in tuskentaal) *Fan Slynmarta* en *Tisdernet* út it Grinslannersk. Sa'n ferskaat oan fertalingen njonken gâns skôgjend wurk en syn eigen fersen en ferhalen (bondele yn *De slach forlern* (1951) en *De wrâld wol ferrifele wurde* (1998) bewize hoe follesidich Marten Sikkema wie. Fryslân sil dizze lêste Reiddomper om syn talint en syn ynset yn tankber oantinken hâlde.

Wa't mear lêze wol oer libben en wurk fan Marten Sikkema kin terjochte yn *De winter wol ús wiisheid leare: Marten Sikkema 80 jier*, dat yn 1998 útkommen is yn de rige 'Byskriften' fan it FLMD. It is grif fia Tresoar te besetten.

# It famylje-argyf Heerkens

Lyeukema / Lieukema / Leukema / Leuckema / Lyekema / Lyauckema / Lijauckema / Lyuckema / Lijeackema / Lyecema / Lyukema.

|Sytse ten Hoeve

## Lieuwkamastate

Fan't winter skreau ik in boekje oer Lieuwkamastate te Makkum. Dizze bysûndere pleats waard yn 1954 / 1959 ôfbrutsen. Oan 'e ein fan de fyftjinde ieu wennen der lju út it slachte (van) Lyeukema / Lieukema / Leukema / Leuckema / Lyekema / Lyauckema / Lijauckema / Lyuckema / Lijeackema / Lyecema / Lyukema. It wienen einierde boeren mei adellike pretinsjes. Se bleauwen nei de Reformaasje Roomsk, lykas de Van Lyauckema's fan Seisbierrum en woenen der, tsjin de wierheid yn, wol op út dat se dêr besibbe oan wienen. Har neiteam bleau oan 1777 ta op de pleats wenjen, leden fan de slachten Van Spanga, Frankena, Engwerda en Hollander en dêrnei kaam der in nije pleats, dy't ek noch besit bleau fan de besibbe famylje (Van) Terwisga (van Scheltinga) oant 1817 ta. Oer de pleats en de neamde famyljes fûn ik gâns materiaal yn in argyf dat, tink ik, by hiel wat Fryske ûndersikers net bekend is mei't it yn it Historisch Centrum Overijssel te Swol bewarre wurdt: it famylje-argyf Heerkens (1371) 1614 – 1908, dêr't mr. W.J. Meeuwissen yn 1982 in ynventaris fan makke (tagongsnr. te Swol 238-1 en biblioteekkatalogus Tresoar 2011).

## Famyljenammen

Dat der hiel wat materiaal, foaral oer Roomske famyljes út Fryslân en oer har besittings, yn it argyf te finen is, komt troch it houlik fan Maria Christina Rijsevelt (1783-1823), dy't troud wie mei Franciscus Philippus Antonius Heerkens (1780-1865). Har mem wie Reinalda Schultinck (1754-1780), dy't as oerpakes en -beppes Johannes Schultinck († 1743) en Tryntje van Spanga († 1702) en Burd Melchers en Tryntje Willem Raarda († 1743) hie. Oer plakken as Makkum en Snits is der moai wat yn it argyf te finen. Fryske famyljenammen dy't yn it register fan de ynventaris neamd wurde, binne (van) Albada, Andringa, Aukema, Aytsma, Aylva, Aytter, Bakker, Beetsma, Bolten, Bonsma, Bosma, Bruinsma, Burmania, Buwalda, Crasburg, Dikema, Dykstra, Epema, Goslinga,

*Lieuwkemastate om 1939 hinne*

Grovestins, Haaften, Haanstra, Hemminga, Hobma, Hollander, Hoytema, Hylckema, Idema, Idzerda, Jeltinga, Jeppema, de Jong, Kingma, Kooystra, Liauckema, Lycklama (à Nijeholt), Marrum, Oenema, Rauwerda, Rinia, Rouwkema, Scheltinga, Schultinck, Spanga, Tepma, Terwisscha, Tolman, Tuynstra, Vegelin van Claerbergen, Vierssen, Vogelsang, Wiarda, Wytsma en fansels gâns patronimen.

## Plaknammen

Yn it haadstik 'Goederen, gelegen in Friesland' komme dizze nammen foar:
Anjum, Beets, Blesdijke, Dantumawoude, Gorredijk, Idsega, Joure, Kornjum, Kortezwaag, Leeuwarden, Lippenhuizen, Loënga, Lutkewierum, Makkum, Murmerwoude, Nijeholtpade, Nijetrijne, Oldeboorn, Oldelamer, Oppenhuizen, Scharnegoutum, Scherpenzeel, Sneek, Sonnega, Spanga, Ter Idzard, Uitwellingerga, Vinkega, Wirdum, Wolvega, Wytgaard, IJlst en IJsbrechtum.
Ek yn oare haadstikken fan de ynventaris wurde argivalia oer Fryske plakken neamd, foaral dus Makkum en Snits.

It boekje *Lieuwkamastate* (Makkum, 2004) is yn te sjen by Tresoar.

*Pieter Nieuwland achter de microfoon. Zijn gids op de voorgrond*

# Friezen gezocht

|Siem van der Woude

Op 17 november 2005 vond in Tresoar de feestelijke presentatie plaats van *Friezen gezocht, gids voor stamboomonderzoek in Friesland.* Het boek is geschreven door Pieter Nieuwland die het laatste jaar van zijn loopbaan was vrijgesteld om deze gids te kunnen maken. Friezen gezocht maakt deel uit van een landelijke serie onderzoeksgidsen. Deze worden gepubliceerd in samenwerking tussen het Centraal Bureau voor Genealogie en het historisch centrum (of rijksarchief) in een provincie.
In Fryslân vervangt dit boek een al bestaande, maar verouderde onderzoeksgids. De nieuwe gids heeft een uitgebreidere opzet, waarin ook ruimschoots aandacht aan de ontwikkelingen van de laatste decennia, zoals automatisering en digitalisering, is besteed. Waar het nodig was om de theorie met praktische voorbeelden te illustreren is zoveel mogelijk gebruik gemaakt van de geschiedenis van de familie Troelstra. Dit blijkt een gelukkige keus te zijn geweest, want hierdoor komt er een tweede doorgaande verhaallijn in de tekst.
Voor Pieter Nieuwland betekent deze publicatie het echte einde van zijn loopbaan. Nadat hij al in juni afscheid van zijn collega's had genomen, nam hij op 17 november ook afscheid van 'genealogisch Fryslân'. Daarmee verliest de studiezaal van Tresoar een uitermate deskundig adviseur die door de bezoekers zeer werd gewaardeerd. Hij blijft gelukkig wel vrijwilligerswerk voor Tresoar doen.

Het boek telt 309 pagina's en is royaal geïllustreerd. De prijs bedraagt € 19.50 (voor Vrienden € 15.50).

It lêste nijs (ek oer oanwinsten) fine jo op:
Het laatste nieuws (ook over aanwinsten) vindt u op:

# www.tresoar.nl

Oanklikke op:
Aanklikken op:

Nijs > Oanwinsten
Nieuws > Aanwinsten

Foar nije Frysktalige útjeften sjoch:
Voor nieuwe Friestalige uitgaven zie:

Fryske skriuwers > Krekt ferskynd

Friese schrijvers > Pas verschenen

*Skilje of maile mei fragen dêroer kin fansels altyd:*
*Bellen of mailen met vragen daarover kan natuurlijk ook altijd:*

**(058)-7890789**
**info@tresoar.nl**

## Kolofon | Colofon

**Letterhoeke**
ferskynt trijeris jiers en is in útjefte fan Tresoar

Letterhoeke verschijnt driemaal per jaar en is een uitgave van Tresoar

Boterhoek 1
Postbus 2637
8901 AC Ljouwert/Leeuwarden
T (058) 7890789
F (058) 7890777
E info@tresoar.nl
I www.tresoar.nl

**Redaksje/Redactie:**
Jelle Krol, Lourens Oldersma, Thys van der Veen en Siem van der Woude (Tresoar) Sytse ten Hoeve en Tineke Steenmeijer-Wielenga (Vrienden/Freonen)

**Foto's:**
John van Geffen en Andrys Stienstra

**Produksje/Productie:**
CasTel Media
Foarmjouwing/Vormgeving:
Eldad Groenman en Harmen Heida

**Letterhoeke**
wurdt fergees tastjoerd oan de Freonen
wordt gratis toegezonden aan de Vrienden
Abonneminten / Abonnementen
€15,- Losse nûmers / Losse nummers € 5,-

© Tresoar en de auteurs 2005

# Aktiviteiten | Activiteiten

## febrewaris | februari

22 - 26 Projekt 'Leeuwarden aan Zee' yn en by Tresoar mei û.o. Tsjêbbe Hettinga en de rapper Remon de Jong

## maart / maart

1 Presintaasje fan it skiednisboek oer de Fryske literatuer: *Zolang de wind van de wolken waait*

2 - 5 Projekt 'Leeuwarden aan Zee' yn en by Tresoar mei û.o. Tsjêbbe Hettinga en de rapper Remon de Jong

5 Dei fan de Fryske literatuer yn Amsterdam

8 Literêre jûn mei Baukje Wytsma en Sjoerd Bottema, de skriuwers fan it boekewikegeskink 2006 *De Stien*, en in muzikale bydrage fan Jaap Louwes

10 Opening tentoonstelling Nieuwkomers in Fryslân (tot 1 juni)

15 Provinsjale Skriuwdei yn Tresoar

## april / april

15 Literêre jûn fersoarge troch de kursusgroep fan Tsjêbbe Hettinga
Plak wurdt noch bekend makke

11 Foarjiersgearkomste fan de Freonen / Voorjaarsbijeenkomst van de Vrienden

## maaie | mei

12 Congres over Nieuwkomers in Fryslân

12 Lezing van het Nederlands Klassiek Verbond, Dr. J.J.L. Smolenaars: Beeldvorming van Rome in literatuur en film